

Septimber 2021

Fragen oan it Kolleezje fan B&W

oangeande alternative enerzjymooglikheden yn it kader fan de Transitievisie Warmte.

Oanlieding

Hokker alternatyf is der op it plattelân foar ierdgas? Grutte stêden kinne mooglik oer nei geotermie, grutte doarpen kin mooglik aquatermie brûke, bij yndustryterreinen is soms restwaarmte mooglik, alle trije fia netwurken. Mar lytse doarpen en buorskippen binne op dit stuit oanwiisd op yndividuele oplossingen, bijgelyks in waarmtepomp.

Monofergisters en lytse wynmûnen soene faaks wol in kollektive foarsjenning foar it bûtengebiet wêze kinne. As foarbyld: de monofergister fan de firma Stokman út Koudum levert út dong fan 600 kJ gas foar 300 gesinnen rjochtstreeks op it net. Dat smyt tagelyk in metaanreduksje fan 25% op.

Fragen

1. Binnen de gemeente wurdt op dit stuit hurd wurke oan de Transitievisie Warmte. Op 19 april II. ha wij der yn in riedskarrûsel in taljochting op hân. Underdiel fan de TVW (ûnder oare): alternative waarmteboarnen dy't fan tapassing binne foar de Fryske Marren. Us fraach is oft monofergisters fan tapassing wêze kinne foar De Fryske Marren. Is it Kolleezje ree dêr ûndersyk nei te dwaan?
2. Soe in kombinaasje fan in monofergister en in pear saneamde Grinzer wynmûnen in gaadlike oplossing foar de lytse doarpen en buorskippen wêze kinne? (Wa wit kinne der koöperaasjes foarme wurde tusken boeren en omwenjende boargers, mooglik in kâns foar besteande enerzjykoöperaasjes.) Hoe sjocht it Kolleezje dat?
3. Wat foar oare mooglikheden sjocht it Kolleezje foar lytse doarpen en buorskippen?
4. Bin der op dit stuit oanfragen foar monofergisters yn De Fryske Marren?
5. Kloppet it dat der wol oanfragen foar lytse wynmûnen bij De Fryske Marren lizze, mar dat de prosedure stilleit?
Sa ja, wat is de reden dêr fan?

FNP De Fryske Marren